

*Liturgy foar de tsjinst op twadde krystdei 2021
yn 'e St. Jan yn Deinum*




ÂLDERLING FAN TSJINST: JAN HEERINGA

PIANIST: RUURD SALVERDA

LÊZER: RENSKE V.D. MEER

FOARGONGER: PIET FORTUIN



PIANOSPYLJEN

WOLKOM EN MEIDIELINGS TROCH DE ÂLDERLING FAN TSJINST

YNTOCHTSLIET: 471

STIL GEBED, FOTUM EN GROET

SJONGE: 477:1,3 EN 5

GEBED BY IT IEPENJEN FAN DE SKRIFT

SKRIFTLEZING: TITUS 3:4-7

4Mar doe is de goedens en minskeleafde fan God, ús Ferlosser, ferskynd 5en Hy hat ús ferlost. Dat wie net om't wy it sa goed dien hawwe soenen, mar Hy die it fanwegen syn barmhertichheid. Sa hat Er ús ferlost troch it bad fan 'e werberte en fan 'e fernijing troch de hillige Geast. 6Dy hat Er yn oerfloed oer ús útgetten troch Jezus Kristus, ús Ferlosser. 7It wie syn doel dat wy sa, troch syn genede frijsprutsen, erfgenamten wurde soenen fan it ivige libben, dêr't wy op hoopje.

SJONGE: 468



KRYSTFEEST SJONGT IN NIJE TOAN (gedicht fan Jelle Bangma)

Ljochtsjes skine yn it tsjuster,
kearskes stekke hope oan
op in bettere dei as juster:
Krystfeest sjongt in nije toan.

Juster woe de wrâld noch fjochtsje,
wie der lilkens yn ús hert,
stienen wy tsjinoer elkoarren,
sloegen wy noch mei de doarren
en begriepen wy it net.

Hjoed woll' wy fan juster leare
dat it sa net langer kin,
sille wy it wer probeare:
Krystfeest as in nij begjin.

Juster woe de haat it winne,
wie de frede in frjemd wurd,
libben wy yn leed en lijen,
dienen mei oan pesterijen,
gie it altyd hurd tsjin hurd.

Ljochtsjes skine yn it tsjuster,
kearskes stekke hope oan
op in bettere dei as juster:
Krystfeest set de toan foar moarn.

Jelle Bangma

SJONGE: 486:1,3 EN 4

PREEKJE

SJONGE: 482

TANKBEA, FOARBEAEN, STIL GEBED EN IT 'US HEIT'

SLOTLIET: 481

SEGEN

ERE ZIJ GOD

